FÛGELWACHT WOMMELS E.O.

# JIERFERSLACH 2017

Nei de goed besochte jiergearkomste fan maart 2017 kamen we sa stadichoan wer ta oan de maitiid, de tiid fan de greidefûgels. En it wie wol te foarsjen : aaisykjen soe ek dit jier wol net tastien wurde. Hoe as jo dêr ek tsjinoer stean it frije fjild is ferbean en dêr moatte wy ús mei syn allen oan hâlde. De takomst? Litte we dêr mar net op foarút rinne.

## BESTJOERSSAKEN

Yn de gearstalling fan it bestjoer binne gjin wikselingen west. We sykje noch altyd nei in nij bestjoerslid om de jeugdsaken op him/har te nimmen. Op dit stuit is it ús lykwols noch net slagge om immen te finen. As bestjoer binne we 6 kear bijinoar west. Dêrnjonken ha we ferskate gearkomsten besocht fan it BFVW en de kollektieven om goed op 'e hichte te bliuwen wat him allegearre ôfspilet. Der binne twa saken dy't der bestjoerlik it ôfrûne jier út sprongen:

1. Automatyske ynkasso: It oergean nei automatyske ynkasso hat it ôfrûne jier plak fûn. It hat benammen foar Sietze en Douwe in hiele put west om alles út te setten, te sammeljen en dêrnei yn te fieren. It is no sa dat fierwei it grutste part fan ús leden de kontribúsje op dizze wize betellet en dêr binne we goed oer te sprekken!

2. Opset neisoarch: De koördinaasje leit net mear yn hannen fan ien bestjoerslid mar ha we ferdield. We ha allegearre in part fan ús gebied mei boeren en neisoargers ûnder ús ferantwurdlikheid. Ofspraak wie ek, dat we kontakt ha soene mei alle neisoargers en/as boeren en neffens my is dat knap slagge. Op dizze wize hoopje we op belutsenens fan alle kanten.

Derneist ha we ús sjen litten op de 'Meet & Greet' fan it Doarpsbelang.

## BRIEDRESULTATEN 2018

Der wie – sa as al sein – gjin aaisykjen dizze maitiid mar fansels wol de neisoarch. Us neisoargers ha wer ferskate kearen it lân yn west om te sjen hoe as it like. Letter wiene de alarmtellingen en is der noch in massaslach west. Algemien kin sein wurde dat de briedresultaten wat minder wiene as it jier hjirfoar. Dêr stiet lykwols tsjinoer dat de tal piken wat grut wurden is heger leit!

### BRIEDPEAREN

Wacht Wommels 61

Skrok 63

Brewardtelling 8

Wacht Wommels 148

Skrok 83

Brewardtelling 89

Wacht Wommels 44

Skrok 9

Brewardtelling 2

Wacht Wommels 32

Skrok 38

Breewardtelling 5

SJOCH ÚS NIJE WEBSIDE

WWW.VOGELWACHTWOMMELS.NL

# BRIEDRESULTATEN 2018 #2

- De Brewardtelling, it lân fan Murk Nijdam, is dus allinnich fan 29 april, de oare sifers fan in hiel jier.
- De delgong fan it tal strânljippen is opfallend dit jier.
- Algemien : in delgong fan it tal greidefûgels yn de lêste 10 jier mei 30 %!
- Jan Weijer fûn it earste aai fan de wacht op 15 maart en is letter mei de jeugd op paad west.
- It earste "jeugdaai" waard fûn op 31 maart troch Jesmer Zonneberg, Jorrit Stenekes en Jalko Tanja.

# JEUGDFÛGELWACHT

- SNOEKFISKJEN: Under lieding fan Andries Wiersma waard dit ek wer in moaie middei. Der waard goed fongen en in protte bern hiene in dei om net gau wer te ferjitten.
- NESTKASTEN EN ÛLEBALLEN: Mei Thom Vellinga – ús briedsoarchkoordinator – gong in groepke by de nêstkastjes lâns dy't yn it doarp hingje. De measten wiene bewenne west, de bern wiene enthousiast. Dat wiene se noch, doe't se de ûleballen útinoar hellen om te sjen wat dêr allegearre yn siet.
- SKOALLEN: Teade die aktyf mei oan "Greidhoeke goes Onderwijs " op De Opslach. In projekt foar de skoalbern fan Wommels om se yn 'e kunde te bringen mei ús prachtige natoer.
- KOM NEI WOMMELS: Dernjonken koe yn it ramt fan "Kom nei Wommels " meidien wurde mei in kuiertocht. Op de rûte dêrfan stie de grutte ljip fan de BFVW én in wein mei de moaie namme "Turegluur ". Tige nijsgjirrich om dêr ris yn te sjen.
- JEUGDDEI BFVW: Foar de jeugddei fan de provinsje wie dit jier ek wer animo, twa jeugdleden binne hjir hinne west.

# WÊR'T WE FIERDER MEI DWAANDE BINNE

a. We binne dwaande om yn gearwurling mei Natuurmonumenten út te sykjen as it ek mooglik is in swellemuorre te meitsjen by de fûgelhut. As it slagget is op dit stuit noch net bekend.
b. We wolle as fûgelwacht graach in eigen website. We ha al kontakt mei de soan fan ús bestjoerslid Jan-Eric Valkena dy't dit dan foar ús opsette sil. We hâlde jim op 'e hichte oer hoe as dit fierder giet.
c. No't we de measte email adressen fan ús leden ha, sil ek de kommunikaasje sa as útnoegings en nijsbrieven oer de mail gean. We moatte der wol om tinke dat we dyjingen sûnder mail net ferjitte !
d. It einehúske by de skoalle sil no ek hast wol einekuorren ha.
e. Yn it ramt fan de neisoarch wolle we graach in "vliegende brigade " yn it libben roppe : in groepke minsken wat op koarte termyn byspringe kin as in boer der ferlet fan hat.
f. We binne fan doel de neisoarchgearkomste dy't we elts jier hâlde nei foaren te bringen : net mear yn 'e hjerst mar nei it briedskoft.
g. De earste swelleplankjes hingje, sa prebearje we de nêsten te behâlden troch de stront te kearen.

OANT OP DE JIERFERGADERING 8 MAART 2018

Fûgelwacht Wommels e.o.
Sûnt 1946